

De Haan pakt út mei chicklit

FD 22-07-2006

troch Gerbrich van der Meer

Mei Optriuwe en ôfbliuwe fan skriuwster Wieke de Haan is útjouwerij Bornmeer in nij paad ynslein; dy fan de chicklit, in ôfkoarting foar literature for chicks. Dit sjenre, dat út Ingelân oerwaaid is en op dit stuit in hit, rjochtet him op tsieners oant jonge froulju dy't tsjin de fjirtich rinne (en froulju dy't har jong fiele bliuwe wolle), oangenaam dwaande hâlden wurde wolle troch ferhalen sûnder tefolle pretinsjes. Liket it sjenre in nij fenomen te wêzen, der is neat nijs ûnder de sinne. Krekt as de frouljuslektuer fan foarhinne binne it boeken foar, troch en oer 'aldere famkes' (chicks). De gemaksliteratuer boartet mei bekende tema's lykas de syktocht nei de prins op it wite hynder, de muoillike relaasje tusken wurk, relaasje en bern (de biologyske klok), moadeperikels, preokkupaasjes mei tefolle of temin iten en ôffalle. Lichaamlikheid (te grutte of te lytse boarsten) spilet in rol, seks (de earste kear) drank en drugs, of alle mooglike terapen. Kwa styl sit it taalgebrûk ticht tsjin de sprektaal oan, ferbylding is der amper. Om refleksje komt yn de chicklit omdôch, de intryzjes binne faak flintertin, persoanen kinst sa ynwikselje foar in oare, de romans dogge in soad tinken oan soaps. It binne ferhalen dy't benammen tsjinje as oangenaam tiidsferdriu en net sa'n soad pretinsjes hawwe.

Kaam Jetske Bilker twa jier lyn mei it boekewike geskink Oar plak oare tiid al aardich yn de buert fan dit sjenre, mei Optriuwe en ôfbliuwe fan De Haan kin Fryslân net mear om de chicklit hinne. Foar de ferbreiding fan it Frysk literêre repertoire in goede saak fansels.

'Ferhalebok foar froulju' stiet parmantich ûnderoan op it omkaft dat sierd wurdt troch in super

sjike rôze optriuwbeha mei goudgiele blomkes. De titel fan de ferhalebok ferwiist nei it ferhaal 'Kessentsjes' dêr't we daliks al stjitten op in chicklit-tema: lichaamlikheid. De haadpersoan keapet foar in prikje in optriuwbeha mei ynboude kessentsjes, dêr't allinnich mar in haaltsje oan los sit. Efkes handich reparearje en de haadpersoan is keapfrou soene je sizze. Mar dat pakt oars út.

Mei faasje tsjoent De Haan it iene nei it oare ferhaal út har toverhoed. En allegearre binne se werom te fieren op typyske frouljuproblematiken. It omtinken foar it uterlik jout sa stof foar partij ferhalen. Wylst de haadfiguer Minke yn 'Kataboalysk' har blynstoarret op it iten fan woartels, inspirearje de jojوماتen haadfiguer Saskia ta de nije 'kledinglijn' Jojolina en giet Tanja yn 'Perzikhûdsje' foar it earst nei de 'schoonheidssalon'. Hormoanen spylje in rol yn ferhalen as 'Spermaspul' dêr't de allinnichsteande haadpersoan alles wol dwaan wol om in bern te krijen of 'It shirtsje' dêr't Gryt ûnder it winkeljen lêst kriget fan opstings. En fansels smyt de langstme nei in man de nedige ferhalen op (Sydsilver.nl, Kaptein Rob en Poema-woman), mar ek argewaasje oer it hearspersoan (DE-punten). Ek it húshâlden is in tankber ûnderwerp. Yn ferskillende ferhalen komt it himmeljen oan 'e oarder lykas yn 'Skytskjîn' en 'Foar de fûgelsjes'.

It iten is foar De Haan bekend terrein. De skriuwster wie al bekend fan har itensierdersboeken, De Fryske Petiele (1987), (in bewurking fan de Fryske Petiele út 1938 fan skriuwster Simke Kloosterman), en De Nije Petiele (1993). Yn 'Uterste hâldberheidsdatum' dêr't de skriuwster boartet mei de uterste hâldberheidsdatum fan produkten en de hâldberheidsdatum fan de skap-ynspekteur dy't al dy

jierren sa yn har wurk opgonen is dat se noait tiid hân hat foar in relaasje, kriget de lêzer yndirekt in spoedkursus hoe om te gean mei kochte produkten.

Sûnder skrupules snijdt De Haan ek ûnderwerpen oan dy't wat mear yn de tabûsfear hingje. Kostlik is it hoe't De Haan yn it ferhaal 'Linkshandich' draai jout oan it ûnderwerp prostitúsje en ekonomyske resessy. En wat te tinken fan it iepenhertich ferhaal 'Oerdwealske winterwoartel' dêr't mem har froulju útleit hoe't in kondoom omstrûpt wurde moat.


De froulike haadfiguren nimme harsels stik foar stik tige serieus, ek al rinne der bytiden frijemde apostels rûn lykas Trea yn it ferhaal 'Metro' dy't it net litte kin en tear harsels op yn de griene krantebak foar de Spitskrante.

Mei it útfergrutsjen fan de karaktereigenskippen fan de personaazjes hâldt de skriuwster de froulike lêzer pleagerich, fol humoristyske of sels absurdistyske selsspot in spiegel foar. Ek al binne dy froulju hjir en dêr trochslein yn har eigenaardichheden, dochtsille hiel wat ferhalen in swym fan werkenning oproppe.

De iepenhertige ferhalen binne soms de realistyske kant it neist, soms lit De Haan har fantasy folslein syn gong gean. Dat kin geweldich goed útpakke yn syn absurdeiteit (Metro), mar kin dêrtroch ek júst de oare kant útslaan lykas yn 'Beropsgeheim', 'Minimalist' of 'Theobrama', in sûkelade-klinyk foar minsken mei in burn-out.

De Haan hat der slach fan mei faasje in koart ferhaal op priemen te setten. Har swakke punt sit lykwols yn de ôfsluting. Te faak ûntbrekt in pakkend slot of in moaie útsmiter.

Yn har flotte styl is De Haan in skriuwstalint. Dizze debutante wynt de chicklit-leafhawwer mei gemak om de finger troch de lich-



Omslag besproken boek

tens fan toan, de flotte humoristyske styl fan skriuwen en it moaie ûnferwachte, brede en rike ripertoire oan wurden dat se brûkt.

Hjir besprutsen: Optriuwe en ôfbliuwe, ferhalebok foar froulju, Wieke de Haan, Utjouwerij Bornmeer, 2005, priis: 9,90 euro